

TSJINSTBOEK – *IN OANSET*
DIEL II
LIBBEN – SEINE – MIENSKIP

TSJINSTBOEK – *IN OANSET*
is útkommen yn twa dielen

Diel I

Skrift – Miel – Gebed
snein, feest- en tinkdagen; deistich gebed
ISBN 978 90 239 1896 7

Diel II

Libben – Seine – Mienskip
ISBN 978 90 239 2437 1


TSJINSTBOEK – *in oanset*
biedt oarders en gebeden foar tsjerke en hûs,
gearstald troch de Redactie Dienstboek
fan de lanlike tsjinste-organisaasje
fan de Protestantse Kerk in Nederland,
oerset troch
de Yntertsjerklike Kommisje foar de Fryske Earetsjinst

TSJINSTBOEK

IN OANSET

Libben
Seine
Mienskip

Protestantse Kerk



foar de Fryske gemeenten fan de
Protestantse Kerk in Nederland

Uitgeverij Boekencentrum
Zoetermeer
2010

De útjefte fan dit boek is mei mooglik makke troch jildlike stipe fan:

- Douwe Kalma Stifting
- Frysk Boun om Utens
- Fûns Fwar It Frysk
- Kristlik Frysk Selskip
- Kristlik Fryske FolksBibleteek
- Meindersma-Sybenga Stichting
- Pollema-Tromp Stichting
- Provinsje Fryslân
- Stichting Interkerkelijk Oriëntatie Centrum

Opmaak: Daam de Vries
Muzyksetwurk: Jan Breimer
Omslachûntwerp: Studio Anton Sinke

ISBN 978 90 239 2437 1
NUR 709

© 2010 Uitgeverij Boekencentrum, Zoetermeer

Neat út dizze útjefte mei hoe dan ek fermannichfâldige wurde sûnder dat der skriftlike tastimming fan de útjouwer oan foarôfgiet.

Ynhâldsopjefte

Oanbiedingsbrief	11
Wêrom en wêrta	15
Ferantwurdig	
It oanpassen fan de 'Proeven voor de eredienst', ôfleveringen 1-3	23
Wertaling fan de liturgyske formulieren út de grifformearde tradysje	26
Muzyk yn de liturgy	37
Lêswizer	47
Liturgyske kleuren	51
DOOP EN BELIDENIS	53
Ynlieding	55
Taljochting	63
Oarders	71
Presintaasje fan wa't har op de doop tariede	72
Seiniging fan tatebern op wei nei de doop	75
Belidenis en doop fan folwoeksenen	
Oarder I	78
Oarder II	85
Formulier om de Hillige Doop te betsjinjen oan folwoeksen persoanen	92
Doop fan bern	
Oarder I	97
Oarder II	104
Formulier om de Hillige Doop te betsjinjen oan de lytse bern fan de leauwigen	111
Doop fan in bern fan seis jier ôf	
Oarder I	115
Oarder II	122
Belidenis	
Oarder I	129
Oarder II	135
Formulier foar de iepenbiere belidenis fan it leauwe	140
Belidenis (en doop) fan folwoeksenen en doop fan bern	
Oarder I	144

Oarder II	154
Karteksten	163
Lietesuggestjes	171
MIEL FAN DE HEAR	177
Formulier om it Hillich Nachtmiel te hâlden	179
Miel fan de Hear yn bysûndere omstannichheden	189
Ynlieding	190
Taljochting	192
Oarders	195
I. Mienskip fan brea en wyn, oanslutend op de fiering yn tsjerke	197
II. Miel fan de Hear (algemien)	199
III. Miel fan de Hear mei in sike (útwreide foarm)	203
IV. Miel fan de Hear mei in sike (koarte foarm)	209
V. Miel fan de Hear mei in stjerrende Lietesuggestjes	214 217
BEFESTIGING FAN AMTSDRAGERS	225
Ynlieding	227
Taljochting	229
Oarders	241
Befestiging fan in tsjinner fan it Wurd	242
Ferbytenis fan in tsjinner fan it Wurd oan in twadde of folgjende gemeente of oan in oar tsjinstwurk	249
Ofskied fan in tsjinner fan it Wurd	253
Befestiging fan diakens en âlderlingen	255
Formulier foar de befestiging of ferbytenis fan tsjinnern fan it Godlike Wurd	269
Formulier foar de befestiging fan âlderlingen en diakens	275
Karteksten	281
Lêsroaster	295
Lietesuggestjes	305
YNLIEDING YN IN BETSJINNING	309
Ynlieding	311
Taljochting	313

Oarder foar de ynlieding yn in betsjinning	315
Karteksten	321
Lietesuggestjes	333
BETSJINNING FAN DE FERMOEDSOENING	335
Ynlieding	337
Taljochting	357
Oarders	363
Tarieding op boete en fermoedsoening	364
Persoanlike boete	
Oarder I	366
Oarder II	368
Mienskiplike boetetsjinst	372
Formulier fan de ban of de útsluting út de gemeente fan Kristus	382
Formulier fan de weropnimming fan bûten-slettenen yn de gemeente fan Kristus	386
(Kar)teksten	
Wurden en gebeden as de wegen skiede	391
Lietesuggestjes	395
SEINIGINGEN	403
Ynlieding (algemien)	405
Tanksizzing en seine nei de berte of adopsje fan in bern	427
Ynlieding	428
Taljochting	429
Oarder	430
Lietesuggestjes	432
Reisseine	435
Ynlieding	436
Taljochting	438
Oarder	439
Karteksten	443
Lietesuggestjes	448
Seiniging en salving fan siken	453
Ynlieding	454
Taljochting	462
Oarder	465
Karteksten	469
Skriflêzingen	474
Lietesuggestjes	476

Hússeine	483
Ynlieding	484
Taljochting	487
Oarder	489
Karteksten	494
Lietesuggestjes	502
Tafelseine	507
Ynlieding	508
Taljochting	510
Oarder I	512
Oarder II	514
Karteksten	517
Lietesuggestjes	527
Yngebrúknimmen fan tsjerkegebouwen	531
Ynlieding	532
Taljochting	545
Oarders	557
Begjin fan de bou	558
Lizzen fan de earste stien	561
Yngebrúknimmen fan in tsjerkegebou	
Oarder I	565
Oarder II	588
Weryngebrúknimmen fan in tsjerkegebou	
Oarder I	592
Oarder II	610
Yngebrúknimmen fan foarwerpen foar de earetsjinst	
Klokken	615
Oargel of oar muzykynstrumint	620
Nachtmielsgerei	626
Liturgyske klaaiïng	627
Antependia	628
Keunstwurken	629
Bûtengebrúkstellen fan in tsjerkegebou	
Oarder I	631
Oarder II	645
Skriftlêzingen	659
Lietesuggestjes	663
LEAFDE EN TROU	683
Ynlieding	685
Taljochting	699

Oarders foar de ynseiniging fan in houlik fan man en frou	713
Oarder I	715
Oarder II	722
Oarder III	730
Oarder IV	740
Oarder V	752
Formulier om it houlik foar de gemeente fan Kristus te befêstigjen	765
(Kar)teksten	771
Oarders foar de seiniging fan oare libbensferbyntenissen	795
Oarder I	797
Oarder II	804
Oarder III	812
Oarder IV	824
(Kar)teksten	836
Eleminten foar in troufiering fan in kristen en in net-kristen	861
Gebedstsjinst by in jubileum	863
Skriftlêzingen	866
Lietesuggestjes	871
 UTFEART EN ROU	 877
Ynlieding	879
Taljochting	887
Oarders	905
Jûnsgebed	
Oarder I	906
Oarder II	907
Oarder III	909
Utfear	
Oarder I	912
Oarder II	917
Oarder III	924
Persoanljke betinking	
Oarder I	936
Oarder II	938
Betinking yn tsjerke	940
Nei de útfear	
Oarder I	941
Oarder II	943
Oarder III	945

(Kar)teksten	
Neierkommende dood	947
In hastige dea	956
Om it stjerren hinne	960
Tusken dea en útfeart	966
Utfeart	967
Nei de útfeart	982
Lietesuggestjes	987
Ferantwurding fan boarnen	999
List fan meiwurkers	1020

Oan de tsjerkerieden en predikanten yn Fryslân
fan de Protestantske Tsjerke yn Nederlân

Utert/Ljouwert, oktober 2010

Achte bruorren en susters,

Foldien en tankber biede wy jimme hjirby oan it

TSJINSTBOEK – *in oanset*, diel II,
Libben – Seine – Mienskip

Dizze Oanset wurdt jimme oanbean troch it Protestants Landelijk Dienstencentrum yn 'e mande mei de Yntertsjerklike Kommissje foar de Fryske Earetsjinst (YKFE). It is de lêste útjefte yn de rige liturgyske hantrekken sa't dy't sûnt 1987 útkommen is yn opdracht fan de mienskiplike synoaden fan de 'Mei-inoar op Wei'-tsjerken. De oersettingen fan de earste trije dieltjes dêrfan waarden troch de YKFE ûnder de sammeltitel TA DE EARETSJINST útjûn.

It Protestantsk Lanlik Tsjinstesintrum te Utert en de YKFE hawwe dizze útjefte mei soarch taret.

It yn 2005 útkommen TSJINSTBOEK – *in oanset*, diel I, Skrift – Miel – Gebed, dat yn 2005 útkommen is, foarmet mei dit diel it Frysktalige Tsjinstboek foar de Protestantske Tsjerke yn Nederlân (Tsjerkoarder, artikel VII-2 en Ordinânsje 5-9-2).

Yn dit twadde diel fan it Tsjinstboek steane oarders, teksten en gebeden foar bysûndere mominten sawol yn it libben fan de gemeente as yn it persoanlik libben fan de gemeenteleden. Dêrta binne de apart útkommen ôfleveringen fan Ta de Earetsjinst 'Liturgjy yn dagen fan rou' (1987), 'Oarders foar de befêstiging fan amtsdragers' (1990) en 'Doop en belidenis' (1993) oanpast. Dy rige is no útwreide mei oarders foar de troutsjinst, de seiniging fan bern en folwoeksenen op wei nei de doop, it Miel fan de Hear yn bysûndere omstannichheden, de betsjinning fan de fermoedsoening en de seiniging fan minsken op bysûndere mominten yn harren libben, bygelyks by sykte. Oarders foar it (wer)yngebrûknimmen en it bûtengebrûkstellen fan tsjerkegebouwen wurde ek oanrikt.

De oarders, teksten en gebeden dy't no oanbean wurde, komme út ûnderskate boarnen. Fan belang binne dêrby de gebedeboeken fan yndividuele auteurs fan de lêste jierren. Dy jouwe lûd oan wat yn gemeenten en by gemeenteleden libbet. De Redactie Dienstboek makke graach gebrûk fan de jeften dy't hja meikrigen en tanket harren foar de reewilligens om harren teksten mei de hiele tsjerke te dielen. Dêrnjonken binne der teksten en gebeden dy't ûntstien binne yn gemeenten. Guon predikanten stelden harren teksten beskikber oan de Redactie Dienstboek. In oare boarne binne de tsjinstboeken fan sustertsjerken. De liturgyske beweging yn de wrâldwide oekumene hat de lêste jierren in soad tsjerken derta oerhelle om har tsjinstboeken te fernijen. Sadwaande kinne no ek de gemeenten fan ús tsjerke diele yn it leauwenslibben fan tsjerken oer de hiele wrâld.

De synoade is tankber dat yn dit diel fan it Tsjinstboek in wertaaling fan de liturgyske formulieren út de grifformearde tradysje oanbean wurde kin. Yn gearwurking mei it Haadbestjoer fan de 'Gereformeerde Bond' hat de Redactie Dienstboek de oanset fan in wertaaling evaluatearre en oanpast.

No't mei de publikaasje fan dit diel fan it Tsjinstboek de rige oansetten Ta de Earetsjinst ôf is, kinne de oarders, teksten en gebeden dy't dêryn oanbean wurde, oer in rige fan jierren troch de gemeenten probearre wurde. Sa't by de foarôfgeande rige oansetten bliken die, sil dat gâns in tiid yn beslach nimme, omdat it probearjen fan de oarders om in proses fan oanwennen en ta-eigenjen freget. De ynliedingen en taljochtingen binne dêr in helpmiddel by.

Foar it probearjen fan de dielen I en II fan it Tsjinstboek sil in tiidrek fan tsien jier stean. Kanttekeningen, opmerkingen en útstellen foar oanpassing kinne nei it sekretariaat fan de generale synoade stjoerd wurde, ornearre foar de Redactie Dienstboek, en foar safier't it aspekten fan it oersetten yn it Frysk oanbelanget, ek yn ôfskrift nei de Algemiene Klassikale Gearkomste fan Fryslân of nei it orgaan dat dêr yn 2020 de taken fan oernommen hat. De generale synoade is fan doel om it probearjen te begelieden en te evaluatearjen. Nei ferrin fan de termyn fan tsien jier sil oan de generale synoade in evaluaasje oer it gebrûk fan it Tsjinstboek foarlein wurde. Dan sil ek in beslút nommen wurde oer de definitive foarm en status fan it tsjinstboek fan de Protestantske Tsjerke.

De generale synoade fan de Protestantske Tsjerke yn Nederlân jout hjirby it TSJINSTBOEK – *in oanset*, diel II frij foar gebrûk yn de tsjerke en rikkemedearret dat fan herten by jimme oan. Se hopet dat ek dit diel fan it Tsjinstboek bydrage sil oan it leauwenslibben fan de gemeente fan Kristus. Se bidt dat fan de earetsjinst seine útgean mei foar it libben en de mienskip yn tsjerke en wrâld.

Mei freonlike groetnis en heechachting,

út namme fan it Protestants Landelijk Dienstencentrum,

ds. E. Overeem

út namme fan de Yntertsjerklike Kommisje foar de Fryske Earetsjinst,

dr. C.G. Waringa, foarsitter

ds. P. Hekstra, skriuwer



Wêrom en wêrta

Wêrom

*God is begjin en ein.
Hy hâldt de tiden geande.
Syn Wurd jout al 't besteande
in sin, en is folslein.*

*(Jan Wit,
Lieteboek foar de Tsjerken, Gesang 1 fers 4)*

Op de wei tusken oarsprong en doel fan it libben fan alle minsken is God oanwêzich en begeliedt Er ús. Op ûnderskate mominten beseffe minsken dat se net allinnich geane. Dêrom sykje se op hichte- en djiptepunten yn har libben de moeting mei God en mei elkoar.

It omtinken foar rituelen op de libbenswei is yn ús tiid net allinnich yn de tsjerke oan 'e oarder, mar lûkt troch ús hiele kultuer hinne. It docht bliken dat yn en bûten de tsjerke ferlet is fan rituelen dy't op yngripende mominten de fragen nei doel en gearhingjen fan it libben begeliede. De tsjerke ûntwikkele yn har tradysjes hiel eigen foarmen dêr't it moetsjen mei God op de libbenswei stal yn krige. Dy tsjerklike foarmen slute net fanselsprekkend oan by foarmen bûten de tsjerke, mar oriïntearje har wol mei oan dy foarmen. Krekt by rituele mominten yn it libben liket yn ús tiid te jilden wat Paulus oan de gemeente fan Athene foarhold: 'Want doe't ik troch de stêd kuiere en beseach wat jimme allegearre ferearje, haw ik ek in alter fûn dêr't op stie: Oan in ûnbekende God. No dan, wat jimme ferearje sûnder dat jimme it kenne, dat ferkundigje ik jimme.' (Hannelingen 17:23).

It ynbêdzjen en bewoarteljen fan de liturgy yn it libben fan minsken is oeral yn de wrâld yn de tsjerken oan 'e oarder. Sa hawwe yn de ôfrûne jierren de World Alliance of Reformed Churches (WARC) likegoed as de Lutheran World Federation (LWF) har dwaande holden mei it foarmjaan fan it doopritueel. Hja bepleitsje in neidruklik ferbân tusken dy liturgy en de kultuer dêr't dy stal yn kriget.

Om dat sykjen nei it moetsjen mei God op de libbenswei te stypjen en rjochting te jaan, publisearren tsjerken foar en

nei de Reformaasje mear of minder útwurke liturgyen foar it dopen, it fieren fan it trouwen, de útfeart, it treasten fan siken en ek gebeden foar thús. Yn de tsjinstboeken fan de herfoarme, grifformearde en lutherske tsjerken út de jierren sechstich fan de tweintichste ieu steane, neist oarders foar de sneinske earetsjinst ek oarders en gebeden foar de spesifike mominten op 'e libbenswei. As ferfolch op dy tsjinstboeken en dêrmei gearhingjend ferskynden yn earsten in pear liturgyske hantrekken fan de herfoarme, grifformearde en lutherske tsjerken mei nije oarders en gebeden sawol foar de snein as foar bysûndere gelegenheden yn it libben fan de gemeenteleden. De mienskiplike synoaden fan de 'Mei-inoar op Wei'-tsjerken besleaten yn 1985 ta it publisearjen fan in rige 'Proeven voor de eredienst', dy't it ramt foarmje kinne soene foar de earetsjinst fan de gemeente en it persoanlik libben fan de gemeenteleden.

De earste ôflevering fan de Proeven voor de Eredienst ferskynde yn 1987. It gie om 'Liturgie in dagen van Rouw', yn datselde jier yn it Frysk as diel I fan de rige Ta de Earetsjinst útkommen ûnder de titel 'Liturgie yn dagen fan rou'. Letter folgen de 'proeven' foar de 'Bevestiging van ambtsdragers' (1989) en 'Dooop en belijdenis' (1993), dy't yn 1990 as 'Oarders foar de bevestiging fan amtsdragers', respektivelik 1993 as 'Dooop en belidenis' yn de neamde rige Ta de Earetsjinst útkamen. Dy oansetten hawwe in brede respons oproppen en binne yn dit diel fan it Tsjinstboek op grûn fan de evaluaasjes somtiden yngripend feroare. Op it lêst (1998) ferskynde yn de rige Proeven voor de Eredienst it DIENSTBOEK – *een proeve*, deel 1, Schrift – Maaltijd – Gebed, dêr't de oarders foar de snein, feest- en tinkdagen en it deistich gebed yn opnommen binne. De Fryske oersetting dêrfan, TSJINSTBOEK – *in oanset*, Skrift – Miel – Gebed, kaam yn 2004 út. By de oarders foar it Miel fan de Hear ûntbrieken de oarders noch foar it fieren fan it hillich Nachtmiel yn bysûndere omstannichheden. Dy binne no yn DIENSTBOEK – *een proeve*, deel II en yn dizze Fryske oersetting opnommen.

Yn it petear oer de liturgyske formulieren út de grifformearde tradysje diene har yn de ôfrûne jierren in stikmannich opmerklike ûntwikkelingen foar. Yn brede rûnte waard it ferlet field fan in wertsaling dy't dy formulieren op 'e nij yn de earen fan de tsjintwurdige generaasjes klinke litte soe. Yn 2000 ferskynde dêr in konsept foar: 'Klassieke liturgyske formulieren. Een hertaling. Voorlopige uitgave vanwege de Gereformeerde Bond in de

Nederlandse Hervormde Kerk' (Hellevoetsluis, z.j.). Tsjerkerieden en yndividuele gemeenteleden hawwe har dêryn ferdjippe. Yn in soad gemeenten is it konsept ek brûkt. Dat allegear hat ta in grut tal reaksjes laat. Dy hawwe by it opstellen fan de definitive tekst troch in mienskiplike wurkgroep fan de Redactie Dienstboek en de Gereformeerde Bond in wichtige rol spile.

Yn de lêste desennia groeide, mei ûnder ynfloed fan de ûntwikkelingen yn de maatskippij dy't hjirboppe sketst waarden, de fraach nei nije oarders en gebeden foar ûnderskate pastorale situaasjes yn it libben fan de gemeente. Nij is de mooglikheid om bern en folwoeksenen op wei nei de doop te seinigjen en de tanksizzing by berte of adopsje. Nij binne ek neist de oarders foar it ynseinigjen fan it houlik de oarders foar de seiniging fan oare libbensferbyntenissen. Yn it pastoraat ûntstie ferlet fan oarders en gebeden by de betsjinning fan de fermoedsjoening likegoed as foar de seiniging en salving fan siken. Yn oansluting by it 'Deistich Gebed' yn diel I fan TSJINSTBOEK – *in oanset*, wurdt yn dit diel fan it Tsjinstboek omtinken jûn oan it leauwenslibben fan de gemeenteleden thús. Benammen wurde gebeden oanbean foar fieringen fan mienskippen om de húslike tafel hinne. Under mear troch gemeenteleden dy't har ta de migrante-tsjerkerieden rekkenje, waard om oarders frege foar it yngebrûknimmen fan in nije wente. Foar wa't in belangrike reis yn har libben oangeane is in reisseine te finen.

Troch de trochgeande tsjerkebou, de fernijing of restauraasje fan tsjerkegebouwen, mar ek troch it mei-inoaropgean fan gemeenten en it weromrinnende tsjerkegean ûntstie op 'e nij fraach nei oarders foar it (wer)yngebrûknimmen of bûtengebrûkstellen fan tsjerkegebouwen. De oarders dy't dêr no foar oanbean wurde foarmje, thús en ûnderweis. It TSJINSTBOEK – *in oanset*, diel II, Libben – Seine – Mienskip biedt foar dy bysûndere pastorale mominten in liturgyske hantrekken. Mei help dêrfan kinne minsken har bemoedige witte troch de trou fan God, de leafde fan Kristus en de krêft fan de hillige Geast.

It is de pastorale taak fan de tsjerke en fan al har leden om de moeting mei God en de neiste te sykjen op de wei nei doop en nachtmiel, yn it deistich libben, op mominten fan spesifike tawijing, by it fieren fan trou en yn dagen fan rou, yn freugde en fertriet, thús en ûnderweis. It TSJINSTBOEK – *in oanset*, diel II, Libben – Seine – Mienskip biedt foar dy bysûndere pastorale mominten in liturgyske hantrekken. Mei help dêrfan kinne minsken har bemoedige witte troch de trou fan God, de leafde fan Kristus en de krêft fan de hillige Geast.

Wêrta

Doop en belidenis, Miel fan de Hear

*Dy deis sille jimme begripe, dat Ik yn de Heit bin
en jimme yn My, en Ik yn jimme.
(Johannes 14:20)*

Troch de doop wurde minsken yn de gemeente fan Kristus opnommen. Sa wurde se lidden fan syn lichem en parte se yn de genede fan God, dy't sûnder betingsten is.

Yn it fieren fan it Miel fan de Hear wurdt de bân mei de opstiene Hear alle kearen wer fernijd en fersterke. It hillich nachtmiel jout de leden fan de gemeente in wiere mienskip mei Him en yn Him mei elkoar. Troch de wurking fan de hillige Geast sterket de Hear syn gemeente mei it himelske brea as kost op har pylgerwei nei Gods keninkryk.

Amt en betsjinningen

*Mar oan in elk wurdt jûn, dat de Geast
yn him oan it ljocht komt, ta nut fan 'e oaren.
(1 Korintiërs 12:7)*

De hillige Geast ropt minsken ta leauwen en hilliget harren mei syn jeften. Hy rist harren ta dat se yn wurd en died tsjûgje fan Gods leafde en barmhertichheid. Hy jout de gemeente in ferskaat fan genedejeften, fan amten en betsjinningen, mar hielyd binne se ornearre ta it ferkundigjen fan it evangeelje en ta opbou en tarissing fan it Lichem fan Kristus.

Betsjinning fan de fermoedsoening

*Sa is dus wa't yn mienskip mei Kristus libbet,
in nij skepsel:
it âlde is foarbygien, sjoch, wat nijs is der kommen.
En dat komt allegearre fan God,
dy't ús mei Himsels fermoedsoene hat troch Kristus
en ús by dat wurk fan 'e fermoedsoening as feinten wûn hat.
(2 Korintiërs 5:17-18)*

God is de boarne fan alle barmhertichheid. Dêr't minsken tekoartsjitte foar God en elkoar oer, is it Kristus dy't ferlossing

skinkt mei syn ferjaande genede. Yn de gemeente is de tsjinst fan de fermoedsoening derop rjochte dat skeinde relaasjes hielmakke wurde kinne en minsken reinige en fernijd foar Gods antlit libje kinne.

Seinigingen

*De HEARE sil dy seinigje en behoedzje.
De HEARE sil dy mei it ljocht fan syn antlit beskine
en is dy genedich.*

*De HEARE keart syn antlit nei dy ta en sil dy frede jaan!
(Numeri 6:24-26)*

*God, ús God, hat ús seinige.
God seiniget ús; alle einen fan 'e ierde
moatte ûntsach hawwe foar Him.
(Psalm 67:7-8)*

*Seinigje, want dêr binne jimme ta roppen om in seine te krijen.
(1 Petrus 3:9)*

It libben fan minsken stiet ûnder Gods seine. Dat God minsken seiniget, sille se yn tankberens ûntfange. It antwurd op Gods seine is lofsang en gebed. Dêryn sille se God grut meitsje, syn Namme priizgje, Him seinigje.

God stelt de minske ta seine. It is de ropping fan de gemeente en fan alle lidmaten om in seine fan God te wêzen. Der is gauris in stuit yn in minskelibben dat de seine jûn of krige wurde mei: by de berte of adopsje fan in bern, it yngebrûknimmen fan in nije wente, it oangean fan in wichtige reis of pylgertocht of by it deistige miel. Yn it hiele minsklik bestean lit Kristus syn bemin-den Gods oanwêzichheid fiele troch de ynfloed fan syn hillige Geast. Hja meie har seinige witte troch de Seinige dy't komt yn de namme fan de HEAR. Yn de seine wurdt sichtber hoe't God fan de minsken hâldt. Hy keart syn leaflik antlit nei de minske ta en makket syn Namme wier, dy't is: Ik sil der foar jimme wêze.

*Lykwols, wat hy op him naam, dat wiene ús kwalen,
it wie ús ljen, dat hy te dragen krige;
troch syn strimen mocht ús betterskip barre.
(Jesaja 53:4a.5b)*

*Dêr blykt út dat de Hear fol barmhertigens is.
(Jakobus 5:11d)*

Yn sykte en pine, yn oanstriid en tebrutsenheid wurdt minsken Gods woldiedige seine net ûntkeard. De seine fan de Hear kriget yn sokke omstannichheden in bysûndere betsjutting; dy fan stipe, bemoediging, krêft, hielwurding. Kristus, dy't sels lit hat, stiet de sike yn seiniging en salving mei de genede fan syn hillige Geast by en makket him/har fol fan mei syn heilsame oanwêzichheid.

*Hy is it dy't it hiele bouwurk yn 'e foegen hâldt,
en sa groeit it ta in timpel dy't de Hear tawijd is.
Troch Him wurde ek jimme mei opboud
ta in hûs dêr't God mei syn Geast yn wennet.
(Efeziërs 2:21-22)*

De gemeente is hjir op ierde as in folk fan pylgers ûnderweis nei Gods keninkryk. Op dy wei meie se op stelde tiden yn it hûs fan de Libbene útpûste. It tsjerkegebou is it hûs fan de gemeente, dêr't de Skriften iepengeane en de geheimen fan it heil fierd wurde. Tagelyk is it tsjerkegebou it hûs fan God, in bysûnder plak dêr't syn Geast de gemeente hilliget ta it lichem fan Kristus. As it tsjerkegebou troch de gemeente yn gebrûk nommen wurdt, wurdt dat geandewei as in jefte oan har tabetrou. It wurdt mei al har eleminten oan de tsjinst fan God en de tsjinst fan de minsken tawijd. It dielt yn de seine fan de Alderheechste dy't dêr syn Namme kenne lit en syn folk moetsje wol.

Ynseiniging fan in houlik en seiniging fan oare libbensferbyntnissen

*De HEARE ús God hat op 'e Hoareb
in ferbûn mei ús sletten.
(Deuteronomium 5:2)*

*Geunst en trou moetsje elkoar,
gerjochtichheid en frede groetsje elkoar.
Trou brûst út 'e grûn
en it rjocht komt frij út 'e himel del.
(Psalm 85:11-12)*

*Set my as in segel op dyn hert,
as in segel op dyn earm.
Want de leafde is sterk as de dea.
(Heechliet 8:6ab)*

God is de God fan it ferbûn. De wrâld en dy't derop wenje, geane Him oan it hert. Hy hat harren leaf en yn syn trou rêst Er net ear't gerjochtichheid en frede foargoed fêstige binne. Droegen troch it ferbûn fan God mei minsken slute minsken ek in ferbûn mei-inoar. Hja hawwe inoar leaf, fertrouwe inoar en beskôgje frede, freugde en lok as in jefte dy't hja fan inoar krije en as in opjefte foar inoar. Dat ferbûn fan minsken mei inoar is in ferbûn fan leafde en trou foar Gods antlit en stiet ûnder syn seine. Dêrom wurdt yn tsjerke it houlik fan man en frou ynseinige, lykas ek oare libbensferbyntenissen seinige wurde kinne.

Utfear't en rou

*Oft wy no lûlje of stjerre, wy binne de Hear sines.
Want dêrta is Kristus stoarn en wer libben wurden,
om Hear te wêzen oer libbenen en deaden.
(Romeinen 14:8b-9)*

*God sels sil by harren wêze.
Hysels sil harren alle triennen út 'e eagen feie
en de dea sil der net mear wêze,
likemin as rouwe, gegûl of pine
(Iepenbiering 21:3b-4)*

De gemeente fan Kristus is oanwêzich yn it libben fan har leden troch harren mei leafde, omtinken, soarch en gebed by te stean. As in dierbere troch de dea weinommen is, wurdt yn wurd en hanneling ta utering brocht dat God trou bliuwt, oer de grins fan de dea hinne. Yn harren pine en fertriet om it gemis is Hy deunby de neibestenden mei syn treast en seine. It ôfskied fan en de rou om in ferstoarne wurde tekene troch it ferbûn wêzen yn Kristus dy't de dea foargoed oerwûn hat. Wa't mei Him stoarn is, sil mei Him ta in nij en ivich libben opstean.

Foar de Redactie Dienstboek:

prof. dr. M. Barnard, foarsitter
ds. P.M.J. Hoogstrate, foarsitter
ds. J.H. Yttenbogaardt, skriuwer



Ferantwurdig

It oanpassen fan de *Proeven voor de Eredienst*,
ôfleveringen 1-3¹

Liturgie in dagen van rouw (1987)/Liturgie yn dagen fan rou (1987), Bevestiging van ambtdragers (1989)/Oarders foar de befêstiging fan amtsdraggers (1990), Doop en belijdenis (1993)/Doop en belidenis (1993)

Ynlieding

Sûnt 1987 hat it doetiidske Samenwerkingsorgaan voor de Eredienst op fersyk fan de mienskiplike synoaden in rige Proeven voor de Eredienst publisearre. Dy wiene bedoeld om it proses fan mei-inoaropgean yn de earetsjinst fan de trije tsjerken te stypjen. De Proeven 1, 2 en 3 ferskynden apart en kamen ek as aparte boekjes yn it Frysk út. De Proeven 4 en 5 binne bondele yn it DIENSTBOEK – *een proeve*, Skrift – Maaltijd – Gebed (1998) c.q. TSJINSTBOEK – *in oanset*, Skrift – Miel – Gebed (2005). Mei klam is oan de gemeenten, klassikale gearkomsten en yndividuele gemeenteleden frege om harren reaksjes nei de Redactie Dienstboek te stjoeren.

Evaluaasje en oanpassing

Benammen de earste trije 'proeven' binne ûnderwilens in soad reaksjes nei oanlieding fan ûnderfiningen út de praktyk fan gemeenten, klassissen en gemeenteleden op ûntfongen. Yn de tsjerklike parse en yn it teologysk petear is dêr ek rom omtinken oan jûn. Mei it each op it útjaan fan DIENSTBOEK – *een proeve*, deel II, Leven – Zegen – Gemeenschap is ta in tuskentiidske evaluaasje en oanpassing fan de earste trije 'proeven' besletten. De wichtichste oandachtsfjilden dy't yn de kommentaren neamd binne en dy't as útgangspunt foar it oanpassen tsjinne hawwe binne:

Ienfâld en trochsichtigens

Nei oanlieding fan de ûnderfiningen yn de praktyk binne in soad suggestjes jûn dy't te krijen hawwe mei de ienfâld en trochsichti-

1 De tekst fan Dienstboek II is op plakken oan de Fryske situaasje oanpast.

gens fan de oanbelangjende riten. Dy hawwe ta it ferhelderjen fan de oarder en it ferienfâldigen fan it ritueel laat.

Taal

De kanttekeningen by de taal fan de oarders en gebeden giene der yn frijwol alle gefallen oer dat de oanbeane taalfjilden net by it belibjen fan de gemeenten oanslute. By it oanpassen is rekken holden mei it saneamde *gongber taalgebrûk*. Dat wurdt trouwens troch in soad en ûnderskate faktoaren beynfloede, dêr't somtiden feroaringen en ferskowingen inoar gau by opfolgje. Dêr komt by dat de Protestantske Tsjerke yn Nederlân tekene wurdt troch in spektrum fan *tsjerklik taalgebrûk* dat yn ûnderskate gemeenten tige útinoar rint. De taal dy't yn de oarders brûkt wurdt, wol mei klam oansluting sykje by it *bibelsk taalgebrûk*. De wikselwurking tusken dy trije taalfjilden – de trochgeande ûntwikkeling fan de taal fan it folk, it ûnderskate tsjerklik taalgebrûk en de bibelske taalwrâld dy't as fûnemint fan it belibjen fan it leauwe neistribbe wurdt – bringt mei him mei dat alle oanbeane bewurdigen yn de liturgy fan de tsjerke momintopnamen binne, dy't hooplik bydrage oan in bliuwende petear oer de wize dêr't de tsjerke har leauwe op ta utering bringt.

Feroaringen yn tsjerke

Doe't yn 1985 mei it tarieden fan de rige Proeven voor de Eredienst begûn waard, waard it 'Mei-inoar op Wei'-proses noch allinnich foarme troch de Nederlânske Herfoarme Tsjerke en de Grifformearde Tsjerken yn Nederlân. Sa ûntstie bygelyks it diel *Bevestiging van ambtsdragers/Oarders foar de befestiging fan amtsdragers* yn earsten allinnich foar dy beide tsjerken. De lutheranen makken oars al lang diel út fan de doetiidske Commissie voor het Dienstboek en de synoade fan de Evangelysk-Lutherske Tsjerke hat daalk by it oansluten by it 'Mei-inoar op Wei'-proses de rige Proeven voor de Eredienst ûnder har gemeenten ferspraat. It oanpassen fan it diel *Bevestiging van ambtsdragers/Oarders foar de befestiging fan amtsdragers* is dêrom mei tekene troch de feroarjende situaasje yn it mei-inoargean fan de trije tsjerken. Dat komt bygelyks ta utering yn de nij oanbeane gebeden foar de befestiging fan amtsdragers, dêr't yn it ramt fan de tsjerkoarder PKN en de oekumene yn besocht wurdt mear rjocht te dwaan oan it mienskiplike fan de amten en oan de eigen skaaimerken fan alle amtsbetsjinningen apart.

In oar aspekt fan de feroarjende situaasje yn de tsjerke hat te krijen mei de ûntjouwingen yn it pastoraat. Mear as yn de jierren tachtich fan de tweintichste ieu is der no omtinken foar de libbenswei dy't elk yndividueel gemeentelid giet en hoe't dêr yn liturgy en pastoraat mei omgien wurdt. Dat hat bygelyks laat ta in mei klam ferbreedzjen fan *Liturgie in dagen van rou/ Liturgy yn dagen fan rou*. It omtinken rint no fan sykte en it momint fan stjerren ôf oant en mei de tiid nei de útfeart en de betinking fan de ferstoarnen dy't alle jierren weromkomt, persoanlik likegoed as yn de gemeente.

In tredde aspekt fan de feroarjende situaasje yn de tsjerke is te finen yn de oanpassing fan de oanset *Doop en belidenis/Doop en belidenis*. It giet benammen om it omtinken dat yn brede rûnte groei is foar hoe't de doop yn de gemeenten funksjonearret. De tsjerke wurdt dêryn konfrontearre mei eachpunten dy't tige útinoar rinne en dy't allegearre bedoele om it hert fan doop en belidenis te ferhelderjen, mar dy't inoar somtiden driigje út te sluten. Tink mar oan de doop fan folwoeksenen dy't yn guon rûnten winske wurdt, mei it útsluten fan de doop fan lytse bern, en oan hoe't út ûnderskate hoeken wei teologysk nei de doop sjoen wurdt. Mei klam wurdt yn kontinuïteit mei de foarige oanset foar de ienheid fan de betsjinning fan doop en belidenis keazen. Dêrby wurdt no lykwols by de doop en belidenis fan folwoeksenen likegoed as by de doop fan bern de gelegenheid jûn om de beloften sawol foarôfgeand oan as folgjend op de doop (en belidenis) ôf te lizzen. Underwizingen dy't ûnderskate aspekten fan de doop beljochtsje, wurde ek oanbean. Dy binne as ûnderlinge oanfolingen te ferstean. Nij is de mooglikheid om bern en folwoeksenen ûnderweis nei de doop ta te seinigjen. De doopbetinking as in weromkommend momint yn it libben fan de gemeente en de gemeenteleden is al oanbean yn de oarder foar it fieren fan de Peaskewacht yn it TSJINSTBOEK – *in oanset*, diel I, Skrift – Miel – Gebed (siden 139-143).

Underweis

De boppeneamde oandachtsfjilden wize derop hoe't de earetsjinst altyd in ekspresje is fan it mearkleurich leauwen fan in tsjerke ûnderweis en sa ynbêde is yn in tsjerke yn beweging. Dat betsjut dat beide dielen fan it Tsjinstboek yn de kommende tsien jier evaluearre wurde. Dêrnei sille sûnder mis wer oanpaste publikaasjes útkomme.

Wertaling fan de liturgyske formulieren út de grifformearde tradysje²

Yn TSJINSTBOEK – *in oanset*, diel II steane de liturgyske formulieren út de grifformearde tradysje yn in wertaling. De âldst bekende Nederlânsktalige formulieren binne dy fan Maarten Micron yn de Nederlânske flechtlingegemeente te Londen (1554). Dy bondel hat mei tal fan oare boarnen – ûnder mear Kalvyn – ynfloed op de liturgy hân sa't dy troch Petrus Datheen foar de Nederlânske flechtlingegemeente yn de Paltz (1566) oersetten waard. Dêrnei hawwe ûnderskate synoaden har spoaren neilitten. Sa waard bygelyks it formulier foar de bernedoop tige bekoarte en waarden formulieren foar de ban en it weropnimmen tafoege. It ûntsteansproses is mei de synoaden fan Dordrecht 1618-19 ta in ein kommen. Dy hat dizze samling formulieren foar it gehiel fan de Tsjerke oannommen.

Predikanten en gemeenten binne op ferskillende wizen mei de formulieren omgien. De iene keas derfoar om se yn har hiele hear en fear en sûnder feroaringen te lêzen, wylst in oarenien de liturgyske formulieren mear as foarbyld beskôge en allinnich de belangrykste formulearringen oernaam. Yn 'e rin fan de foarige ieu binne stadichoan oare oarders en formulieren ûntwikkele en publisearre, bygelyks yn it *Dienstboek voor de Nederlandse Hervormde Kerk in ontwerp* (1955). De liturgyske formulieren út de grifformearde tradysje hawwe yn in part fan de tsjerke oant hjoed-de-dei in wêzentlik plak holden. Se klinke by de Doop fan bern, de geregelde fiering fan it Hillich Nachtmiel, it befestigen fan amtsdraggers, ensafuorhinne.

De betsjutting fan de bondel formulieren giet boppe har liturgyske funksje út. Se foarmje tagelyk ek in konfesjoneel en skriftuerlik ferantwurde útlis fan de hanneling dêr't se op slane en fertolkje dêrmei it grifformearde teologysk beliden. Lykwols, wat langer wat mear docht yn de kategeze likegoed as yn de liturgyske praktyk bliken dat de fersteanberens in swierrichheid is. Dat makke dat wat langer wat mear frege waard om in bewurking fan de formulieren mei ienfâldiger taalgebrûk sûnder dat de ynhâld tekoart dien wurdt. Dat sil

2 De formulieren yn dizze Fryske edysje binne oersettingen fan de wertaalde formulieren yn DIENSTBOEK – *een proeve*. By it oersetten binne de eardere oersettingen fan dr. G.A. Wumkes en E.B. Folkertsma ek rieplachte.

der sines ta dwaan kinne om de oanbelangjende ûnderdielen fan de earetsjinst yngeander te belibjen.

Utgongspunten

By it bewurkjen fan dizze liturgyske formulieren is bewust foar in wertaling keazen, dy't sa typearre wurde kin: in tekst mei in hjoeddeisk taalgebrûk (1) en in heldere sinbou (2) dy't goed foar te lêzen is (3), en dêr't de tsjerkegonger safolle mooglik yn de klassike tsjerkeboeken by meilêzen bliuwe kin (4). Spesifyk sechtjinde-ieuske situaasjes wurde dêr safolle mooglik by omsetten nei de tsjintwurdige tiid (5). Wertale moat dus dúdlik ûnderskaat wurde fan op 'e nij skriuwe. Yn it lêste gefal soe yn in oanpassing ek romte wêze foar feroare teologysk ynsjoch. Wertale wol lykwols sizze dat it grifformearde karakter net oantaast wurdt, wat yntinsje, ynhâld en opbou oanbelanget likegoed as bibelske argumintaasje. Wy steane no earst koart stil by de typearringen fan de wertaling sa't dy niis neamd waarden.

1 Yn de Nederlânske wertaling binne ferâldere wurden of wurden dêr't de betsjutting yn de rin fan de ieuwen yngripend fan feroare is, ferfongen³. Yn guon gefallen wie it lestich om in goed synonym te finen. Argayske wurden moasten soms omskreaun wurde. Foar it wurd 'regeren' yn it formulier foar it befestigen fan âlderlingen en diakens wie lykwols gjin adekwate omskriuwing te finen. Dêrom is dat yn de wertaling safolle mooglik stean bleaun. It haadwurd 'regering' moast lykwols wol ferfongen wurde, omdat de harker fan hjoed-de-dei dêr ynearsten by oan it lânsregear tinke sil. Der is keazen foar it wat swakkere 'leiding'. Yn de Fryske oersetting is foar *lieding* en *lieding jaan* keazen. It kin lykwols noch kompleks, lykas by 'verdoemenis'. Dat wurd hie yn de santjinde ieu de algemiene betsjutting fan feroardieling, bygelyks ta in finzenisstraf. Mear yn it bysûnder koe it 'door God verdoemd worden' ek de betsjutting hawwe fan 'troch God feroardiele wurde'. Tsjintwurdich wurdt lykwols ûnder 'verdoemenis' sûnder mear helske straf of it ivich fêrlern wêzen ferstien. De betsjutting is dus ferskood. No wol

3 De foarbylden fan argaysk taalgebrûk yn de âlde formulieren jilde net foar de Fryske situaasje. Dit part fan de ferantwurdiging sa't dy yn DIENSTBOEK – *een proeve* stiet is dêrom oanpast en bewurke.

it gefal dat yn it doopformulier oan it wurd 'verdoemenis' dy betsjutting wol jûn wurde moat. It giet ommers oer it 'yn Adam' ferlern wêzen. Dêrom dat it op dat plak hanthavene is. Yn it nachtmielsformulier lykwols moat oan de oarspronklike betsjutting fan feroardieling tocht wurde. Dêr is yn de wertaling dan ek foar keazen, mar yn in noat wurdt nei it efterlizzende wurd ferwiisd. Sokke situaasjes binne lykwols útsûnderingen.

2 De sinnen fan de oarspronklike liturgyske formulieren binne faak lang en dreech. Dat is mei it gefolch fan dûbelop sizzen en werheljen fan wurden of sindielen. Soks makket it goed begripen fan de tekst der net makliker op. By it wertalen is nei koarte sinnen stribbe dy't helder formulearre binne.

3 Mei it foargeande punt hinget de eask gear dat de wertaalde formulieren goed foar te lêzen wêze moatte. Se hawwe primêr in liturgyske funksje en moatte yn in liturgyske kontekst brûkt wurde kinne.

4 It is in goed gebrûk dat gemeenteleden it foarlêzen fan de formulieren yn harren tsjerkeboek folgje en meilêze. Foar in langere tiid moat der rekken mei holden wurde dat de gemeente de klassike ferzje fan de formulieren foar har hat. In soad tsjerkeboeken hawwe emosjonele wearde, omdat se by in beskate gelegenheid kado jûn binne. Se sille dus net sa gau ferfongen wurde. Ek al mei it each dêrop is der nei stribbe om as dat mooglik wie deselde wurdfolchoarder en sinopbou oan te hâlden. Dêr't de foarlêsfunksje en de meilêsfunksje mei-inoar yn striid wiene, is de foarkar oan de earste jûn.

5 Op in stikmannich plakken wurdt referearre oan typysk sechtjinde- of santjinde-ieuske situaasjes. Yn it formulier foar it befêstigjen fan predikanten wurdt der bygelyks fan útgien dat it foarnimmen fan de befêstiging trije kear foarôf ôfkundige is. De wertaling hâldt it op 'ûnderskate kearen': mear as ien kear, mar net perfoarst trije kear. Yn itselde formulier is fierders romte makke foar it feit dat tsjintwurdich allinnich by in kandidaat fan befêstiging (yn it amt) sprutsen wurdt, wylst by folgjende gemeenten sprutsen wurdt oer ferbytenis (oan de oanbelangjende gemeente). By 'Bysûndere passaazjes' is in sa folslein mooglik oersjoch jûn fan de feroaringen dy't oanbrocht binne.

Basistekst

Ien fan de belangrykste fragen dêr't de wurkgroep fan de wertaaling foar steld waard, wie dy nei in basistekst dy't as útgangspunt tsjinje kinne soe. It lei foar de hân om nei de synoade fan Dordrecht 1618-19 te sjen. De swierrichheid is lykwols dat dy gesachhawwende synoade oer de liturgyske formulieren wol besluten nommen hat, mar net dúdlik oanjûn hat oan hokfoar tekst men jin dan te hâlden hie. De útjouwers binne dêrnei neffens eigen ynsjoch mei de formulieren omgien. Dy hawwe op eigen manneboet feroaringen oanbrocht, beskate formulieren net opnommen, ensafuorthinne. Der is dus net ien beskate tekst oan te wizen dy't autentyk neamd wurde kin. By de wertaling dêr't it hjir om giet is dêrom yn it foarste plak sjoen nei in resinte útjefte dy't in soad brûkt wurdt, it *Dienstboek* (1955). Dêrnjonken is rekken holden mei de útjeften yn (âldere) tsjerkeboeken. Yn in pear gefallen late dat lêste ta in korreksje op it *Dienstboek* (1955).

Bibelteksten

De opstellers fan de oarspronklike formulieren hawwe op ûngeleikense wize de Hillige Skrift oanhelle. De iene kear sitearje se, de oare kear parafrearje se, wylst it yn wer oare gefallen by direkte of yndirekte ferwizingen bliuwt, bygelyks troch spesifyk wurdebrûk. Hja wiene lykwols ûnkundich fan de Steateoersetting, omreden dat dy foar it earst yn 1637 útkaam. By alle ûndúdlikheid oer de skiednis fan it ûntstean fan de formulieren is wol wis dat dy doe har definitive foarm al krige hiene. Dochs is der fanwegen de werkenberens fan de Skriftplakken foar keazen om yn de wertaling by letterlike Bibelsitaten út te gean fan de Steate-oersetting edysje-1977, yn 'e folksmûle ek wol edysje-Tukker neamd. By de Fryske oersetting fan de wertaalde formulieren is yn sokke gefallen foar de bibeloersetting 1943 ('Wumkes') keazen. By parafrazen en oare ferwizingen is der gauris foar keazen om fan de letterlike tekst út de Bibel ôf te wiken. Yn safolle mooglik gefallen binne tekstferwizingen opnommen, dat de lêzer kin se nochris neisjen en him ferdjipje yn de matearje dy't yn de formulieren oan 'e oarder steld wurdt. As de ferwizing al yn de orizjinele tekst opnommen wie, dan is dêr fansels de hân oan holden. Is de ferwizing lykwols by it wertalen ynfoege, dan stiet dy skeanprinte tusken kante heakken.

Yn de Nederlânske wertaling wurdt yn ien gefal by in Skriftsitaat te kiezen jûn, nammentlik by de doopformule. De foargonger kin dêr kieze út de klassike genityffoarm (des Vaders en

des Zoons...) en de hjoeddeiske fariant (van de Vader en van de Zoon...). Yn de Fryske oersetting is dat fanwegen it Fryske taal-eigen net oan 'e oarder en bestiet dy karmoglikheid dus net. Yn it ûnderrjochtsjend part fan it formulier yn de Nederlânske wertaling is allinnich foar de hjoeddeiske foarm keazen.

Kopkes en rubriken

Wa't de formulieren yn it *Dienstboek* (1955) lêst, komt gauris ferhelderjende kopkes tsjin: *onderwijzing, gebed, vragen*, ensafuorthinne. Dat makket it lêzen en it begripen ynearsten makliker. Wa't him lykwols wat yn de teksten ferdjippet, komt al gau ta de ûntdekking dat de kopkes lang net altyd de ynhâld dekke. Dat kin betizing jaan. Djipgeander stúdzje hat útmakke dat de kopkes pas mei it each op de útjefte fan it *Dienstboek* oanbrocht binne. Mei it each op de yntinsje om ta in wertaling te kommen mei sa min mooglik feroaringen en oanfollingen, is besletten om gjin kopkes oan te bringen. Der is wol nei stribbe om yn de foarmjouwing de struktuer fan de formulieren ta utering komme te litten. De struktuer is lykwols net altyd like helder oanwêzich. De oanbrochte struktuer is dêrom in goed trochtichte ynterpretaasje fan de wurkgroep dy't mei de wertaling rette. Gruttere blokken tekst binne faninoar skaat troch in wytrigel, lytsere ienheden troch it begjin fan in nije alinea. Teksten fan gebeden en eventuele alternativen springe yn.

De formulieren skriuwe benammen foar hokfoar wurden sein wurde moatte. Se binne weromhâldend as it derom giet hokfoar hannelingen ferrjochte wurde moatte en op hokfoar wize dat barre moat. Dy oanwizingen wurde ek wol rubriken neamd, neffens de kleur (ruber = read) dêr't se mei yn de liturgyske boeken oanbrocht binne. Neffens de opstellers fan de formulieren wiene dy oanwizingen yn de measte gefallen sa fanselssprekkend dat se it net nedich achten om dêr neier op yn te gean. Of se rekkenen it ta de 'midsmjittige dingen'. By it dopen wurdt it bygelyks yn it midden litten wannear't de bern yndroegen wurde, oft de âlden by it beântwurdzjen fan de fragen steane, hoe't der doopt wurdt (troch ûnderdompeljen, of mei ien of trije kear besprinkeljen), ensafuorthinne. De oarspronklike ôfhâldendheid is yn de wertaling hanthavene.

Bysûndere passaaazjes

Alhoewol't der stribbe is nei in wertaling, die bliken dat it somtiden needsaaklik wie om feroaringen oan te bringen of

oanfollingen te dwaan. Yn oare gefallen is derfoar keazen om de klassike tekst yn syn hiele hear en fear te hanthavenjen, hoewol't dy ta ûndúdlikheden oanlieding jaan kin. It giet om de neikommende situaasjes.

Algemiën

Yn ûnderskate formulieren stiet N., as in namme neamd wurde moat. It wurdt oan it pleatslik gebrûk en it ynsjoch fan de predikant oerlitten, hokfoar nammen dêr neamd wurde. Der kin mei de doopnamme of doopnammen folstien wurde, mar men kin jin ek yntinke dat de famyljenamme ek, of allinnich de famyljenamme brûkt wurdt.

By de fragen yn beskate formulieren sil it de oansprutsene net altyd dúdlik wêze wannear't hy of sy antwurdzje moat. Nei beleaven kin dat dúdlik makke wurde troch oan de eigentlike fraach ta te foegjen: 'Wat is dêr foar God en Syn hillige gemeente jo antwurd op?' Dy formulearring komt út de formulierebondel fan Maarten Micron (1554), dêr't yn de earste rigels fan dizze ynlieding nei ferwiisd waard.

Formulier om de Hillige Doop te betsjinjen oan de lytse bern fan de leauwigen

De ferhâlding tusken doop en besnijenis dy't yn it formulier beskreaun wurdt, hat yn de lêste desennia ta diskusje oanlieding jûn. It formulier jout nammentlik oan dat 'de doop yn it plak fan de besnijenis' kommen is. Dat soe grûn jaan kinne oan de saneamde 'ferfangingsteology' – de tsjerke is yn it plak fan Israel kommen – dy't yn de skiednis desastreuze gefolgen foar it Joadske folk hân hat. Omdat lykwols hokfoar feroaring ek yn dy passaaazje diskusje opropt, is foar ôfhâldendheid keazen. Tusken heakjes is ynfoege: 'ûnder it nije ferbûn', bekend út it taalfjild fan de brief oan de Hebreeërs. Dy feroaring lit ûnderskate ynterpretaasjes iepen. It is fan belang om dêr hieltyd de yntinske by meiweage te litten: it ôfwizen fan de feringsteology.

Alle fragen yn it formulier foar de berndoop hawwe in lange en emosjonele skiednis. Sa is by de earste fraach wiidweidich diskusjearre oer it karakter fan it 'Yn Kristus hillige wêzen'. Omdat de tekst sa't er dêr stiet ûnderskate ynterpretaasjes iepen lit, is derfoar keazen om de formulearring te hanthavenjen. By de twadde fraach hat it 'yn de kristlike tsjerke hjir ûnderwiisd wurdt' in soad konfliktstof opsmiten. It wurdse hjir hat oarspronklik in oar plak en in oare funksje yn de fraach hân. It gie dan om de leare sa't dy hjir(boppe), *yn dit*

formulier, ûnder wurden brocht wie. It liket net winsklik om it hjir yn de tsjintwurdige formulearring te ferstean as hjir, yn *dit* tsjerkegebou, of yn *dizze* gemeente. Better is it om it sindiel 'yn de kristlike tsjerke hjir' op te fetsjen as: yn de kristlike tsjerke, sa't dy yn dit plak stal krige hat. Fan dy opfetting út is derfoar keazen om de klassike tekst net te feroarjen. Ferlykje yn dat ferbân ek de fjirde fraach yn it formulier fan de folwoeksendoop. Yn de tredde fraach by de bernedoop komt de tsjûge nei foaren. Hoewol't dat by ús net algemien wenstich is, kinne der neist de heit en/of de mem ien of mear dooptsjûgen wêze. Men kin jin ek yntinke dat der allinnich tsjûgen binne. Dat soe ferklearje kinne wêrom't yn de oarspronklike tekst nei de reewilligens frege wurdt om it bern 'te ûnderrjochtsjen, of (helpe) ûnderrjochtsje te litten'. It earste, 'te ûnderrjochtsjen' doelt op de taak fan de âlden. It twadde, '(helpe) ûnderrjochtsje te litten', heart ta de opdracht fan de tsjûge. Nei lang en yngeand beried is besletten om yn de wertaling te kiezen foar 'te ûnderrjochtsjen en ûnderrjochtsje te litten'. Trochstrings wurde tsjintwurdich de âlden oansprutsen. Foar harren binne beide aspekten net (mear) te skieden.

Formulier om it Hillich Nachtmiel te hâlden

De saneamde sûndekatalogus út it oarspronklike formulier is dreech te ferstean wurden. Dat komt troch it taalgebrûk en troch situaasjes dy't tsjintwurdich net of minder bekend binne. It wertalen hat dy swierrichheden foar in belangryk part oplost. Om it praktysk brûken fan it formulier te befoarderjen is lykwols ek in fariant opnommen dy't op tal fan plakken lêzen wurdt. De fariant is bekend ûnder de namme fan it plak dêr't er ûntstien is: de Herfoarme Gemeente te Harmelen. Dy is no sa redigearre dat se parallel oan de Tsien Geboaden rint.

Yn it liturgysk formulier ûntbrekt in konkrete noeging. Nei beleaven kin dy foar de útdielingswurden in plak krije mei de bekende formule: 'Kom, want alle dingen binne no ree.'

It Us Heit komt twa kear yn it nachtmielsformulier foar, sawol yn it saneamde nachtmielsgebed as yn de tanksizzing. Dat komt yn it Nederlânske taalgebiet foar it earst by Datheen foar. Der is gjin beswier tsjin om it beide kearen te bidden. Yn beide gefallen hat it gebed fan de Heare in eigen kleur. Men kin ek kieze en lit dit gebed ien kear klinke.

Formulier fan de ban of de útsluting út de gemeente fan Kristus
Yn it liturgysk formulier fan de ban wurdt it ôfkundigjen oer

dejinge dy't it oangiet en oer it kwea dat er dien hat foarûndersteld. Dy lakune is letter opfolle. Guon tsjerkeboeken en ek it *Dienstboek* (1955) kenne teksten foar de earste en twadde ôfkundiging. It liturgysk formulier is dan de tredde ôfkundiging. De teksten út it *Dienstboek* (1955) binne foar de wertaling bewurke en opnommen.

Formulier fan de weropnimming fan bûtenslettenen yn de gemeente fan Kristus

It formulier bestiet út twa parten. Yn it earste part wurdt it weropnimmen fan in bûtenslettene oan de gemeente bekend makke. Yn it twadde en folle wiidweidiger part giet it dan om it eigentlike weropnimmen. De formulearring oan it begjin fan dat part suggerearret dat bekendmeitsjen en weropnimmen op ûnderskate sneinen plak fine. Dat kinne twa sneinen efterinoar wêze. Mar men kin jin ek yntinke dat de akte fan de weropnimming pas folget op de earstkommende snein dat it Hillich Nachtmiel fierd wurdt. It weropnimmen wurdt dan befêstige oan de nachtmielstafel.

Formulier foar it befêstigjen of ferbinnen fan tsjinnern fan it Godlike Wurd

Yn it oarspronklike formulier wurdt oer it plak yn it gehiel fan de tsjinst ornearre dat it nei de preek en fan it gewoane gebed holden wurdt.

Yn it formulier is yn lettere printingen fan it *Dienstboek* (1955) in passaaasje tafoege dy't te krijen hat mei de plicht ta geheimhâlding. Dy is stean bleaun. Fierders is ûnderskied makke tusken it befêstigjen fan in proponint ta predikant en de ferbyntenis fan in predikant oan in folgjende gemeente.

Formulier foar it befêstigjen fan âlderlingen en diakens

Ut it *Dienstboek* (1955) binne de oanfoljende alinea's oernommen dy't de spesifike taken fan in âlderling-tsjerkerintmaster en de bredere skriftuerlike fundearring fan it amt fan diaken oangeane. Fierder is yn dit formulier it part oer de plicht ta it geheimhâlden út de lettere printingen fan it *Dienstboek* (1955) stean bleaun.

Formulier om it houlik foar de gemeente fan Kristus te befêstigjen

By dit formulier is de fraach steld oft it sûnder mear wertaald wurde moatte soe. Yn taal en sfear soe it net genôch oanslute by

it hjoeddeiske libbensgefoel. Dat waacht nammerste swierder, mei't yn in houlikstsjinst fakentiden ek minsken oanwêzich binne dy't net mei it tsjerklik taalfjild fertroud binne. Dochs is fanwegen it gearhingjen fan it hiele projekt wol foar de wertaling keazen. Der besteane alternativen dy't skreaun binne fan de grifformearde spiritualiteit út. Sjoch op oare plakken yn dit diel fan it *Tsjinstboek* en yn it *Dienstboek* (1955).

It formulier sitte nochal wat opsommingen yn. It die bliken dat it dêrtroch net goed mooglik wie om de oarspronklike haadstruktuer fan it ûnderrjocht yn de tekst te hanthavenjen. It orizjinele 'eerstelijk', 'ten andere' en 'ten derde' waard yn de Nederlânske wertaling: 'Voor alles', 'vervolgens' en 'verder'. Yn de Fryske oersetting is dat wurden: 'Alderearst', 'dêrnei' en 'fierders'. Njonken dat waard yn de foarmjouwing troch in wytrigel dúdlik ûnderskied tusken de trije dielen oanbrocht.

Yn it liturgysk formulier waard it breidspear achte pas te knibbeljen foar it lêste gebed. Tsjintwurdich is it wenst dat dat foar de seine dien wurdt. It formulier is dêrop oangepast. Wannear't it breidspear wer oereinkomt is iepenlitten.

Ynfoege is de mooglikheid om de hûsbibel oer te langjen. Dat gebrûk, dat út de achttjinde ieu komt, is ûnderwilens algemien wurden en wurdt tige op syn plak achte. It hie yn it *Dienstboek* (1955) ek in plak, mar it is mei it each op de hjoeddeiske praktyk wat opskood.

Formulier foar de iepenbiere belidenis fan it leauwe

De bondel fan liturgyske formulieren út de grifformearde tradysje hie gjin formulier foar it ôflizzen fan iepenbiere belidenis fan it leauwe. It wie wol wenst dat de tsjerkeried bûten de earetsjinst om in pear fragen stelde oan harren dy't foar it earst oan it Hillich Nachtmiel talitten wurde woene. Foarôfgeande oan it nachtmielsformulier stiene in stikmannich rjochtlinen foar dy fragen. Yn de praktyk griepen guon predikanten foar formulearringen nei (parten fan) it saneamde 'Koart Begryp', wylst oaren de fragen foar de folwoeksendoep stelden, fansels mei weilitten fan wat him yn it bysûnder op de doop rjochte. Der wiene ek foargongers dy't sels in samling fragen makken. Benammen Voetius makke dêr skoalle mei. Yn in inkeld gefal wurdt oant hjoed-de-dei syn searje fragen brûkt. Yn de njoggentjinde ieu waarden fan de sjoade út fragen formulearre. De ynhâld dêrfan koe lykwols net elkenien befredigje. Underwilens docht bliken dat nochal wat gemeenten in oarder brûke dy't yn it *Dienstboek* (1955) publisearre is. It

like tsjinstich om dy oarder yn de foarm fan in formulier oer te nimmien, al wie ek hjir op guon punten ferlet fan wertaling. It formulier jout tagelyk de mooglikheid ta it betsjinjen fan de folwoeksendoop. Wa't oan de marzjinale útlis oer de doop yn dat formulier net genôch hat, kin gebrûk meitsje fan it formulier foar de folwoeksendoop. Dat giet wiidweidiger op de matearje yn.

It antwurd op de belidenisfragen wurdt neffens de oanhef by dy fragen jûn 'yn tankbere hearrichheid oan de Hillige Skrift en yn mienskip mei it beliden fan de foarfaars'. Dat ropt de fraach op, wat krekt mei 'it beliden fan de foarfaars' bedoeld wurdt. Yn it *Dienstboek* (1955) waard dêrmei nei de belidenisskriften ferwiisd, lykas dy yn Artikel X-2 fan de tsjerkoarder fan de Nederlânske Herfoarme Tsjerke opsomme steane: de Apostoalyske belidenis, de Belidenis fan Nicea, de Belidenis fan Atanasius, de Heidelberger kategismus, de Kategismus fan Genève, de Nederlânske belidenis fan it leauwe en de Dordtske learregels. Yn de tsjerkoarder fan de Protestantske Tsjerke yn Nederlân binne dêr in pear belidenisskriften oan tafoege, te witten de Unferoare Augsburgske konfesje en de kategismus fan Luther. Underskate gemeenten hawwe by dy útwreiding in troch de synoade erkend foarbehâld makke. Dat fangefolgen moat foar it ynhâldlik fêststellen fan 'it beliden fan de foarfaars' sjoen wurde nei wat dêr yn de gemeente dêr't de iepenbiere belidenis ôflein wurdt, oer ôfsprutsen is. Yn gemeenten dy't it neamde foarbehâld makke hawwe, moat by 'it beliden fan de foarfaars' tocht wurde oan de ynfolling dy't dêr yn de tsjerkoarder fan de Nederlânske Herfoarme Tsjerke oan jûn waard. Sy kinne dus yn dit stik fan saken ek folút yn de grifformearde tradysje stean.



Muzyk yn de liturgy

De taal fan de muzyk yn de liturgy

De gemeente komt gear om Gods heil te fieren (TSJNSTBOEK – *in oanset*, diel I, Skrift – Miel – Gebed). Dat fieren is in foarm fan ynterminsklik hanneljen dêr't de gemeente omgong mei God yn siket. It stiet lykwols net los fan wat him bûten de muorren fan de tsjerke yn de mienskip ôfspilet. Tsjerkegongers meitsje ommers sels diel út fan dy mienskip. As we it oer muzyk hawwe, jildt datselde: muzyk dy't yn tsjerke te hearren is, stiet net los fan wat him dêrbûten ôfspilet. Wat kin de betsjutting fan muzyk op de krúspunten fan it sekuliere libben wêze? Binne dêrút wei praktyske oanwizingen te jaan foar muzyk by *casualia*, tsjinsten by ûnderskate gelegenheden?

Eigenheid fan muzyk

Muzyk is ien fan de foarmen dy't ús yn de liturgy taskikt wurde om mei God en mei elkoar om te gean. Wy fertrouwe derop dat God muzyk by syn boadskip brûke wol. Yn muzyk komt syn Wurd nei ús ta en yn ús antwurd 'heevje wy ús hert nei God yn 'e himel' (Kleilieten 3:41). It musisearjen yn de liturgy rjochtet wat út; dat is dêr de krêft fan. As wy muzyk meitsje – sjonge, bewege, spylje of roppe – kinne wy net ûnder ús lichaamlikheid wei. Wy nimme mei ús hiele persoan diel oan it liturgysk hanneljen. Muzyk makket ús dus aktyf. Dat jildt al as wy dernei harkje, mar benammen wannear't wysels muzyk meitsje. It docht in berop op de kreativiteit, dêr't wy Gods dielgenoat yn it skeppen troch wurde. Muzyk as liturgysk medium om mei God en mei elkoar om te gean soe net bestean kinne sûnder ús besieljende en sinjaande kreativiteit.

Muzyk is út harsels organisearre lûd, klearebare klank. Muzyk is net 'wier' of 'ûnwier', sa't in meidieling dat wol wêze kin. Likemin is de muzyk 'drôvich' of 'fleurich', sa't in reurwylich net drôvich is en in jurkje net 'fleurich'. Krekt as gewoane taal hat muzyk in symboalfunksje: muzyk ferwiist nei minsklike gefoelens en kin dy opwekje. Se kin in heilsame en treastgjende útwurking op ús hawwe wannear't wy tryst binne of ûnder in lêst bûgd geane. Mar it komt ek foar dat sokke gefoelens yn ús krekt befêstige of sels fersterke wurde. Dat alles slacht net primêr op de muzyk sels, mar op de reaksjes dy't se opropt. Want muzyk is in werklikheid dêr't minsken ambivalint en dus ûngelikens op reagearje.

Werkening en erkenning

Muzyk kin as ôfspegeling fan de mienskip sjoen wurde, konkreter: fan de mienskippen mei har withoefolle groepearringen en groepen, dy't faak allegearre har eigen muzykkultuer hawwe. Muzyk is foar in soad minsken in middel om harren mei harren favorite groep – guon fan har jierren, fuotbalklup, skoalklasse – te identifisearjen en om harren fan oare groepen ûnderskiede te kinnen. Dat fangefolgen liket de fraach 'Wêr wol ik by hearre?' soms wichtiger as de fraach oft men de muzyk dy't by dy groep heart, om de muzyk sels wurdearret. Yn it tsjerklik segmint fan ús mienskip sjogge we ek groepearringen mei in eigen muzykkultuer: alle mienskippen hawwe in eigen wize fan omgean mei muzyk, in eigen 'nêstlûd'.

Muzyk is ek ôfspegeling fan de minsklike geast. Se ûntstiet út in mei-inoar spyljen fan klanken dy't bûten ús besteane, en klanken dy't wy ynderlik miene te hearren. Dat mei-inoar spyljen hinget gear mei it 'autobiografysk' harkjen, dêr't de persoanlike ûnderfining fan de harker en syn assosjaasjes in rol yn spylje. Ofwizing of akseptaasje fan beskate muzyk kin beide fuortkomme út it autobiografysk harkjen. Unbekende muzyk komt by guon minsken net maklik telâne; oaren dy't mear foar nije yndrukken iepensteane, sille ûnbekende muzyk mei entûsjasme begroetsje.

Muzyk komt dus net altyd gelyk oer. It harkjende yndividu makket sels út wat er wol of net akseptearje wol, wat goed foar him is en wat net. Dat jildt yn de liturgy ek. Troch assosjaasjes, persoanlike ûnderfiningen en kollektive opfettingen kin muzyk belibbe wurde as troch God jûn en op Him rjochte, ek al is de muzyk net foar in liturgysk doel makke. Dy wize fan tinken giet fan de opfetting út dat der yn de liturgy plak wêze kin foar net spesifyk religieuze eleminten, dy't yn de liturgyske kontekst tsjinjend ynbrocht wurde en dan ek religieuze betsjutting krije kinne. Falt der dan noch dúdlik ûnderskied te meitsjen tusken liturgyske muzyk en wrâldske muzyk? Dat is mar de fraach.

In foarbyld fan in wrâldske komposysje yn in liturgyske kontekst is de tango dy't yn de prinslike houlikstsjinst op 2 febrewaris 2002 yn de Nieuwe Kerk te Amsterdam spile waard. It stik hold syn autonomy – de frijheid om syn eigen wetten te folgjen, te witten dy fan de tango – wylst it tagelyk in nije betsjutting krige: it joech de liturgy in bysûndere eigen kleur. De útwurking wie likegoed ferfrjemdzjend as oandwaanlik. Minsken kinne sels, sa't it skynt, fan sekuliere muzyk geastlike

muzyk meitsje as se har eigen muzyk mei nei tsjerke nimme en der in nije wearde oan takenne. Sa sit it bygelyks ek mei de muzyk dy't de heit en mem foarstelle foar de tsjinst dêr't harren bern yn doopt wurdt, en sa kinne neibesteanden by in routsjinst treast fine yn it harkjen nei de muzyk dy't foar de ferstoarne in spesjale betsjutting hie. De muzyk wjerspegelet dan de religieuze ûnderfining en it gefoelslibben fan dy't har keazen hawwe.

Ambachtlike aspekten

Gjin twa minsken hearre in beskaat muzykstik op krekt deselde wize. Fan de oare kant: gjin twa minsken dy't yn deselde kultuer opgroeid binne hearre in komposysje dy't ta dy kultuer heart alhiel ferskillend. As dat wier is, kin it doel hawwe en doch suggestjes foar in trochtochte muzyk en wize fan útfieren, dêr't faaks de measte gemeenteleden harren yn fine kinne.

Der kinne relaasjes bestean tusken de taal fan muzyk en spesifike minsklike ûnderfiningen, ûnderfiningen dy't sawol yndividueel as mienskiplik belibbe wurde. It kin it belibjen fan de muzyk en de liturgyske belutsenens fersterkje as dêr rekken mei holden wurdt. It foarbyld fan de alternatim-praktyk – it ôfwikseljen fan ienstimmige en mearstimmige, mar bygelyks ek fan fokale en ynstrumintale muzyk dêr't it om 'fraach' en 'antwurd' giet – kin soks ferdúdlikje. De alternatim-praktyk is op te fetsjen as in utering fan it minsklik ferlet om ûnderfiningen mei-inoar te dielen. It hinne-en-wer dat skaaimerke is fan dizze wize fan musisearjen, sterket de mienskipssin fuort trochdat men inoar oanfollet. De ôfwikseljende foardracht foarmet de basis foar techniken lykas echo, kanon en imitaasje. Dêr kin – troch it trochjaan en oernimmen fan muzyk – ek de mienskipssin yn belibbe wurde. De ûntfanklikens foar sokke muzyk kin nammerste grutter wêze as minsken byinoar komme om fertriet of freugde mei-inoar te dielen, lykas yn rou- en trouferingen.

Men kin yn muzyk sa folle of sa'n bytsje hearre as men 'earen om te hearren' hat, mar men komt by muzyk nea oan de djipste ein ta: hieltyd kin men der djipper yn trochkringe. Dêr is – ek by liturgyske muzyk – njonken it muzikaal belibjen in berop op de rasjonaliteit needsaaklik foar. It moed en it ferstân slute inoar net út. Muzyk docht – yn en bûten de liturgy – net allinnich in berop op it subjektive en ûnbeskate, mar ek op it objektive en besprekbere. Dêrtroch kin muzyk komponearre, ynterpretearre en analysearre wurde. Muzyk dy't fluch, sterk,

stakkato en helder klinkt, is bygelyks bedoeld om in fleurige en opwinende yndruk op te roppen. Krektoarsom makket muzyk dy't stadich, sêft, legato en donker fan kleur klinkt, jin drôvich en rêstich. Muzyk lit har dus beskriuwe yn termen dy't fuortkomme út it belibjen, mar har grûnslach wurdt foarme troch ambachtlike aspekten.

In foarbyld fan dy ambachtlikheid is de liturgyske folkssang dy't sûnt de tiid fan it Twadde Fatikaansk Konsylje (1962-1965) opgong makke hat. Op alderhanne plakken die him de fraach foar nei nije taal, dus ek nei nije muzyk dy't oanslute soe by it fielen, by it belibjen fan de minske fan no. Komponisten kamen mei techniken dy't ûntliend wiene oan it gregoriaansk en de folksmuzyk, oan romantyske harmonyk of oan de moderne teatermuzyk. Dy komposysjetechniken kinne de emoasje en de ferbyldingskrêft fan minsken oproppe, trochdat de muzyk sels in ôfbylding fan it emosjonele libben liket te wêzen, in tonale projeksje fan gefoelsfoarmen. Dochs ûntstie gjin keunst-, hark- of amusemintsmuzyk, mar muzyk dy't elemintêr is: sober, suver en tsjinstber. It ambachtlik behearskjen fan de niisneamde komposysjetechniken wurdt ferbûn mei it tapassen dêrfan yn it ramt fan de eigen spesifike kontekst. Dêrtroch, dat foar it útfieren fan sokke muzyk fakentiids útgien wurdt fan in obligaat koar, in foarsjonger mei oplieding en in ferskaat oan ynstruminten.

Wurd en toan

Hjirboppe is sein dat wurd en toan eigen wrâlden fertsjintwurdigje. Oant no ta is hjir hieltyd sprutsen oer de 'toanwrâld' as muzyk dy't klearbare klank is, folslein himsels. De measte liturgyske muzyk is lykwols ferbûn mei it wurd, benammen oan bibel- of liettekst, dat dan sôngen wurdt. De klam dy't yn de liturgy op it sjongen lein wurdt, is fan bibelsk perspektyf út net ferwûnderlik. God troanet ommers op de lofsangen fan Israel (Psalm 22:4).

Yn de fokale muzyk wurdt fan âlds ûnderskied makke tusken *cantus* (sang) en *musica* (muzyk). Cantusmuzyk is yn beskate sin it middel foar mienskiplike ekspresje. Feitliken komt it op 'sprekke op in ferheven toan' del. De meldij stiet net op harsels, mar is draachster fan de tekst. Dêrom moat de meldij by de tekst oanslute. Hja draacht der ta by dat de ynhâld fan de tekst ta syn rjocht komt en de ekspresje fan de sjongers oproppe wurdt. De songen akklamaasje by de foarbea is dêr in foarbyld fan. Musicasangen – dy't ta de 'keunstmuzyk' hearre

en dêrtroch faak útfierd wurde troch kantorij of koar, mei of sûnder ynstrumintale begelieding – hawwe in oare ferhâlding ta de liturgy. Harren taal is benammen dy fan de muzyk. Yn al dy gefallen bliuwt de fokale of fokaal-ynstrumintale muzyk har eigen rol spyljen, har eigen taal sprekken, mei de tekst mei. De ‘tekst-taal’ is net frjemd oan de muzyk; sprutsen wurden binne ek klinkende taal. Fierders bestiet der muzyk dy’t, hoewol klare ynstrumintaal, dôchs in relaasje mei tekst hat. Tink oan it selsstannich (oargel)koraal, it foarspul foar in te sjongen liet en oare komposysjes dêr’t in meldij fan in liet yn te hearren is. Troch te harkjen kin de gemeente de muzyk mei de tekst fan it liet assosjearje.

Der binne withoefolle útspraken dy’t derop doele dat de tekst troch tafoeging fan muzyk in mearwearde kriget, benammen as it oer sjongen en bidden giet: ‘wa’t goed sjongt, bidt dûbel’ (Augustinus), muzyk makket de tekst ‘lebendig’ (Luther), it wurd wurdt troch it wurkjen fan de meldij ‘as troch in trachter yn de minske getten’ (Kalvyn). It liet hat dus in ferkundigjende funksje; de toanen fan de muzikant jouwe oan mannich liet syn wiere aard, syn siel. Sang en muzyk binne ekspresjemiddels dy’t heech boppe it allinnich sprutsen wurd útkomme.

Dochs kin net altyd dúdlik ferskil tusken wurd en toan makke wurde. Yn de liturgy wurdt faak in muzikale resitearformule brûkt, bygelyks by it foarbidden, dy’t as in soarte meloadyske kapstôk, in muzikaal hâld, in regulator fan de tekstdeklamaasje tsjinnet. Feitliken krije alle sprutsen sinnen har wiere betsjutting troch de wize dêr’t wurden op útsprutsen wurde. De yntonaasje kleuret de taal. Benammen it muzikale aspekt fan liturgysk sjongen hat in krêft yn him, dy’t de taal fan de liettekst performatyf makket. Sa bringt de gemeente God de lof tã wannear’t hja syn lof sjongt; sa bart wat songen wurdt. Sa’n lofsang is utering fan it leauwe. Dat is net allinnich sa as de gemeente God priižget, mar ek as hja yn it deadsgebiet fan Babel útropt: ‘Jeruzalem, dy sil ik nea ferjitte!’ (Psalm 137:5). Yn it lêste gefal is sjongen tagelyk it ‘ynjen’ fan leauwe: men sjongt omdat men leech is, men sjongt sa’t men drinkt: fan toarst. Koartsein: hoe’t harren wrâlden ek ferskille, yn de liturgy kinne wurd en toan net sûnder inoar.

Hantrekken by it musisearjen yn de liturgy

Alle musisearjen yn de liturgy is yn wêzen ta gruttere eare en loarje fan God (*ad maiorem Dei gloriam*). It giet der yn de li-

turgy dus net yn it earste plak om – troch muzyk – emosjoneel ‘ferlet’ te befredigjen of effekten op te roppen. De gemeente komt byinoar om Gods hearlikheid te earjen. Dêrom is it ek de hiele gemeente dy’t muzyk makket. It is it pleit wurdich dat hja dy’t de liturgyske muzyk foar de fiering útsykje en fêststelle, har om de – faaks plurifoarme – gemeente bekommerje. De tsjerkemusikus sil der mei it each op de gemeente noed foar stean dat de muzyk yn de earetsjinst op in ambachtlike wize útfierd wurdt. It seit himsels dat orizjinaliteit en artistisiteit dêr net by mist wurde kinne.

Kantor, oargelist en kantorij geane oare gemeenteleden foar op de wei nei it muzykmeitsjen. Tsjerkemusisy èn foargongers wurde útdage om kânsen te skeppen foar it ynteraktyf hanneljen fan gemeentenleden: wannear’t gemeenteleden yn-skeakele wurde – wat gauris by dooptsjinsten en oare gelegenheden bart – is de belutsenens faak ekstra grut. Mei muzyk as middel rjochtsje tsjerkemusikus en foargonger har sa, mei de sjongende, bewegende, op ynstruminten spyljende, roppende en harkjende gemeente, ta God yn lofprizing en oanbidding.

De muzyk yn de liturgy wurdt op it plak sels (re)produsearre (‘live’ útfierd). Dêr wurdt gjin stim of ynstrumint yn ‘t foar by bûtenesletten. By it kiezen fan ynstrumintale, likegoed as – tekstueel passende – fokale muzyk yn de liturgy jout it Wurd as ‘regearjende ynstânsje’ de trochslach. Fierder wurdt dy kar útmakke troch de wurking en it soarte fan de muzyk. De wurking fan muzyk yn de liturgy hinget fan trije faktoaren ôf:

de muzyk (boarne)

yntingsje – *meditatyf, ûnrêstich, evokatyf ensfh.*

tiid dy’t it yn beslach nimt – *koart, (te) lang*

styl – *klassyk, gregorianisearjend, jazz ensfh.*

sjenre – *strofeliet, responsoarium, fuga, menuet ensfh.*

it ynstrumintarium (stjoerder)

klank – *gemeentesang, kantor(tj), oargel, oare ynstruminten*

ynterpretaasje

kwaliteit

romtlike faktoaren – *akoestyk, romtlike wurking*

de fierende gemeente (ûntfanger)

ûntfanklikens – *foar beskate muzikale stilen*

gemoedstastân – *drôvich, fieurich, ûnrêstich ensfh.*

soarte fan gemeente – *modaliteit*

gearstalling fan de gemeente – sosjale eftergrûn, opbou
neffens âldens

It soarte fan muzyk dy't yn de liturgy klinkt, is net hieltyd fan itselde. It musisearjen kin selsstannich wêze, begeliedend en fersterkjend.

Muzyk is selsstannich as se sels in liturgysk ûnderdiel foarmet:

ferkundiging

- *troch de gemeente songen (ûn)berime psalmen, kantiken, skriftlieten ensfh.*
- *troch de kantorij songen motet*
- *troch de kantor restearre lêzing*

loffer

- *yn guon Anglikaanske tsjerken bestiet de 'gospelfanfare': de oargelist spilet daalk nei de evangeeljelêzing in koart en útlitten wurk*
- *it oargelspyljen nei de tsjinst (dêr't oars as te uzes yn Ingelân en yn Dútslân yn stilte mei omtinken nei harke wurdt) kin yn dit ferbân neamd wurde*
- *Johann Sebastian Bach foege oan syn muzyk ta: Soli Deo Gloria*

ferdivedaasje

- *muzyk wylst der mominten fan ûntspanning yn de liturgy binne: ûnder it ynsammeljen ensfh.*
- *nei it ynseinigjen fan in houlik of libbensferbytenis wurdt musisearre*

Muzyk kin in begeliedende funksje hawwe as se op mominten fan fysike beweging yn de liturgy klinkt:

yntocht

fan gemeente, amtsdraggers, dopelingen, breidspear ensfh.

offerplechtichheid

kommuny

Fersterkjend is muzyk as se foar, ûnder of nei sprutsen liturgyske ûnderdielen klinkt om dy krêft by te setten:

tarieding

de konsintraasje op de lêzing, de oertinking of it gebed wurdt fersterke en bondele troch muzyk (bygelyks koarte ymprovisaasje foarôfgeand oan de lêzing)

stipe

fokaal(-ynstrumintaal) ymprovisearre lêzing, ynstrumintaal stypjen fan de lêzing, lied of koarwurk as oertinking,

*ynstrumintale flarden dy't de gebedsstille oproppe,
muzyk as gebed-sûnder-wurden*

reaksje

*besinnend oargelspyljen nei de preek, muzikale refleksje
op de gebeden*

Ferantwurding fan de suggestjes foar lieten

Yn dit Tsjinstboek wurde nei elk haadstik yn in apart oersjoch suggestjes foar lieten dien. It materiaal dat yn it Nederlânsktalige tsjinstboek neamd wurdt, is út bondels keazen dy't in min of mear offisjele status hawwe en út inkelde lietebondels dy't yn ferskillende bewegingen yn ús tsjerke brûkt wurde: Liedboek voor de Kerken, Zingend Geloven, Gezangen voor Liturgie, Oud-Katholiek Gezangboek, Liturgische Gezangen, Eva's Lied, Evangelische Liedbundel, Zingende Gezegend. Foar de Frysktalige edysje binne allinnich de lieten en sangen keazen dy't op dit stuit yn it Frysk beskikber binne: út it Lieteboek foar de Tsjerken, Tuskentiden en Tsjinstboek – in oanset, diel I. Boppedat binne gaadlike lieten neamd út de bondels Tusken rein en sinne en Wylde goes. Lykwols binne de measte listen mei lietesuggestjes dan noch in stik koarter. Om de lege siden dy't dêrtroch ûntstean soene op te foljen, binne 25 lieten út dy suggestjes foar dizze útjefte spesjaal oerset.

De liturgyske sangen binne as gehiel, as tekstuele ienheid, oanbean, behalven as de dichter sels in yndieling oanbrocht hat (bygelyks Psalm 119 en Gesang 75 yn it Lieteboek foar de Tsjerken). Yn de kar fan liturgyske sangen is útgien fan de hiele breedte fan boppeneamde bondels, sûnder dat dêr in idiomatyske foarkar in rol by spile. As in liet ûnder ferskillende meldijen yn ferskillende bondels foarkomt, wurdt earst de âldste tekstueel-muzikale kombinaasje neamd.

Yn gefallen dat de orizjinele meldij foar de oanbelangjende gelegenheid as ûntagonklik belibbe waard, is – dêr't dat mooglik wie – in alternative meldij (kontrafakt) neamd. In tal liturgyske sangen waard fan opname yn de ferwizingslist útsletten op grûn fan dregens (sjongberens), besetting (ûnmisbere partisipaasje fan koar of net-toetseyenstruminten) en 'memorabiliteit' (it gemak dêr't in meldij mei ûntholden wurde kin).

De liturgyske sangen moatte in beskaat artystyk gehalte hawwe. Alderearst moatte tekst en muzyk ôfsûnderlik artistike wearde hawwe: tekst en meldij biede 'romte om yn te wenjen'. Dêrnjonken moatte tekst en muzyk inoar mearwearde jaan en de mooglikheid yn har hawwe om in synergetysk proses oan te

gean: muzyk fertelt in ferhaal, tekst befettet ynderlike muzyk. It artistike gehalte fan in meldij is te beoardieljen oan de hân fan in goede ferhâlding mei de tekst, de ûntwikkeling yn melodyk, ritmyk en harmonyk (as dy der is) en in organsyske ferhâlding tusken dy twa parameters. It artistike gehalte fan in tekst is te beoardieljen oan de hân fan it brûken fan de taal, it bibelsk-teologysk gehalte, it poëtysk gehalte (stylmiddels, konsistint brûken fan taalfjilden, konsistint brûken fan bylden, metrum) en ynklusyf taalgebrûk.



Lêswizer

Oarders

De oarders yn dit diel fan it Tsjinstboek binne foar in part bedoeld foar de amtlike earetsjinst fan de gemeente en foar in part foar mienskipsfieringen thús of yn tsjerke. Oare hawwe har plak yn de kontekst fan it pastoraat. Dêrta binne ferskillende foarmen fan oarders te ûnderskieden. Ta de earste foarm wurde tsjinsten fan de hillige Skrift (en Miel fan de Hear) rekkene en tsjinsten dy't yn dat ramt fierd wurde, lykas de betsjinning fan de doop, de fiering fan it Miel fan de Hear yn bysûndere omstannichheden en de befêstiging fan amtsdragers. In oare foarm bestiet út tsjinsten dy't mear it karakter fan in gebedstsjinst drage, lykas by de útfeart of in boetefiering. Wer oare binne seinefieringen, bygelyks de seiniging en salving fan siken. De oarders sels jouwe oan hokker foarm fan earetsjinst bedoeld wurdt.

Bibeloersetting

Yn DIENSTBOEK – *een proeve*, diel II is by skriftsitaten gebrûk makke fan de Nieuwe Bijbelvertaling (NBV), dy't troch de synoade oan de gemeenten oanbean is om te probearjen. By steande liturgyske útdrukkingen is de NBV ynearsten net folge. Dy bewurdigen sille mei de tiid troch de Raad van Kerken in Nederland oan de lidtsjerken foarlein wurde.

Yn de Fryske edysje fan it tsjinstboek is meastal gebrûk makke fan de bibeloersetting út 1978 (NFBO), mar as de formulearring yn de bibeloersetting fan 1946 ('Wumkes') better mei de tekst yn it *Dienstboek* strykt, is dêrfoar keazen.

Foargonger

Ofhinklik fan it karakter fan de fiering kin de foargonger in predikant, in tsjerklik wurker of in gemeentelid wêze. Hieltid is by de ûnderskate oarders oanjûn wa't foargonger(s) wêze kin(ne). Benammen by de seinigingen is it foargongerskip net oan in ordinearre foargonger bûn. Dêrom is yn de ynliding by it haadstik 'Seinigingen' yn in skema te finen wa't yn hokker situaasje roppen is om foar te gear.

Oansprekfoarmen

Omgongsfoarmen ferskille sterk fan gemeente ta gemeente. Hoe

rjochtet de foargonger har/him ta de learlingen dy't de doop ûntfange of ta harren dy't harren doop meistimme? Hoe ta de partners dy't inoar trou ûnthjitte wolle? Hoe ta in proponint dy't as tsjinner fan it Wurd befêstige wurdt of ta gemeenteleden dy't it amt fan âlderling of diaken op har nimme? De wize fan inoar oansprekken yn de liturgy is yn alle gemeenten ek net gelyk. Lit elkenien neffens it pleatslik gebrûk en neffens de omstannichheden te wurk gean. Yn dit tsjinstboek is foar in fariabele oansprekfoarm keazen: by it befêstigjen yn it amt 'jo', by doop en belidenis 'do/jimme'; by leafde en trou yn de oarders 'jo' of 'do', ôfhinklik fan de styl fan de auteur.

Praktyske oanwizingen

- De oanwizingen foar it hanneljen yn de oarder, dejinge(n) dy't sprekst of sprekke en it eventuele plak fan hanneljen binne *skeanprinte* oanjûn.
- De **fetprinte** teksten binne bedoeld om troch elkenien sein of songen te wurden.
- Guon liturgyske bewurdigen kinne fakultatyf útwreide wurde. Dat wurdt yn de tekst troch rûne heakken (...) oanjûn.
- Wannear't in namme neamd wurde moat, stiet dy as *N* oanjûn. It hinget fan de hanneling en it pleatslik gebrûk ôf oft de doopnammen, de roppnamme en/of de famyljenamme dêr klinke. By it betsjinjen fan de doop en by de geloften yn troufieringen sille altyd de beide famyljenammen fan de partners dy't har bern dope litte of inoar har trou tasizze folút klinke.
- Foar in soad bewurdigen wurde alternativen oanbean. Dy teksten wurde ynspringend oanjûn, foarôfgien troch it wurd *of*.
- Is mear as ien fariant fan de bewurdigen beskikber, dan wurdt ûnder de teksten dêr't it om giet nei dy *karteksten* ferwiisd. De nummers ferwize nei de rubryk dy't efter de oarders fan dat haadstik opnommen is.
- Yn in tal oarders binne fakultative rituelen oanjûn. Dy ûnderdielen wurde troch kante heakken [...] oanjûn.
- Yn in tal oarders wurdt by it oanroppen fan de Namme fan de Heit en de Soan en de hillige Geast in krústeken + oanjûn. Dêr kin de foargonger in krús tekenje om oan te jaan dat men ûnder de hoede fan Kristus steld wurdt.
- As de suggestjes foar de skriftlêzingen net yn de oarder opnommen binne, binne se yn de rubryk *Skriftlêzingen* nei de

karteksten fan dat haadstik te finen. Foar it befêstigjen fan amtsdragers wurdt in folslein *lêstroaster* bean (skriftlêzingen en gebedsteksten).

- Yn alle oarders wurdt yn de rjochter kantline nei *lietesuggestjes* ferwiisd. Dy beslute alle haadstikken. Utgongspunten foar dy lietesuggestjes binne opnommen yn de ynliding oer *muzyk yn de liturgy*, dy't te finen is by de algemiene ynlidingen fan dit tsjinstboek (siden 44-45).



Liturgyske kleuren

Dizze kleurewizer is in ferfolch op de hantrekken foar it gebrûk fan liturgyske kleuren yn *TSJINSTBOEK – in oanset*, diel I, Skrift – Miel – Gebed, side 942-943.

Sjoch foar de ferbining fan liturgyske kleuren mei liturgyske klaaiïng de oanbelangjende paragraaf yn de ynlieding fan it haadstik ‘Yngebrûknimmen fan tsjerkegebouwen’.

De ferbining fan spesifike kleuren mei de seizoenen en feesten fan it liturgysk jier fynt syn eftergrûn yn de tradysje fan de tsjerke. Yn de bibel wurdt wyt – en goud as ferdjipping fan wyt – mei suverheid en mei feest ferbûn. Read is tradisjoneel ferbûn mei bloed, giel mei enerzjy, poarper mei waardichheid, grien mei groei, ljochtblau mei hope, donkerblau, pears en swart mei ynkear, wanhope en rou.

It brûken fan kleuren is yn it earste plak ferbûn mei de feesten, sneinen en tinkdagen fan it liturgysk jier. It liturgysk jier folget de heilstdieden fan Jezus Kristus en jout dêr kleur, ritme en oardering mei oan it libben fan de gemeente. Is der by in fiering gjin oanlieding om foar in spesifike kleur te kiezen, dan wurdt de kleur fan de dei of de tiid folge.

Wyt is de iennige kleur dy’t sterk yn de hillige Skrift fundearre is: yn de himelske earetsjinst drage de tsjûgen wite gewaden. Se binne wosken of doopt yn it bloed fan it Laam (Iepenbiering 7:9,14). It is boppedat de kleur fan de foltôging fan it keninkryk fan de himel (Iepenbiering 3:4). Wyt is dan ek de kleur fan de *doop*: de dopelingen wurde mei wite gewaden klaaid. Omdat it ljocht fan Peaske harren dy’t yn Kristus stoarn binne, ferljochtet, kin by de útfert de kleur wyt ek brûkt wurde.

Wyt of goud is ek de kleur fan in feestlik barren. Dan kin uteraard oan in *troufiering* tocht wurde. Mar sûnder mis ek oan it *yngebrûknimmen fan tsjerkegebouwen*: it tsjerkegebou is ûnder mear in ferwiisplak nei de gouden stêd, it himelske Jeruzalem, dêr’t Kristus alles yn allegearre is. Fan dat perspektyf út kin ek de húsleine as in troch wyt kleure feest jilde.

Read is de kleur fan it bloed en fan it fjoer. It ferwiist dêrom nei it bloedtsjûgenis fan de martelders en nei it fjoer fan de Geast.

Read is dêrom passend foar de befêstiging fan amtsdragers of de ynlieding yn in betsjinning. Yn it evangeelje seit Kristus: 'De slaaf stiet net boppe syn Hear. Hawwe se My ferfolge? Dan sille se jimme ek ferfolgje.' (Johannes 15:20).

Pears is de kleur wurden fan ynkear, boete en rou. Dat betsjut dat by de betsjinning fan de fermoedsoening pears de kleur wêze sil. By de útfeart kinne der situaasjes wêze dat leaver foar pears as foar wyt keazen wurdt.

Grien is ferbûn rekke mei it 'gewoane' libben fan de tsjerke. Wurdt gjin spesifike kleur frege, dan is grien de gebrûklike kleur.

De yn de tsjerken yn Nederlân tsjintwurdich gebrûklike kleure-symbolyk is:

Doop en belidenis	wyt
Miel fan de Hear	kleur fan de dei/tiid
Befêstiging en ferbyntenis fan amtsdragers	read
Ynlieding yn in betsjinning	read
Betsjinning fan de fermoedsoening	pears
Seinigingen	
Tanksizzing nei berte of adopsje	kleur fan de dei/tiid
Reisseine	kleur fan de dei/tiid
Seiniging en salving fan siken	kleur fan de dei/tiid
Hússeine	wyt of kleur fan de dei/tiid
Tafelseine	kleur fan de dei/tiid
(Wer)yngebrûknimmen fan tsjerkegebouwen	wyt
Yngebrûknimmen foarwerpen foar de earetsjinst	wyt
Bûtengebrûkstellen fan tsjerkegebouwen	kleur fan de dei/tiid
Troufiering	wyt
Utfear en rou	wyt of pears

DOOP
en
BELIDENIS



